



## Aktiviteit

Jim kinne mei jim klas op reis troch it prachtige lân fan OZ. Hoe't jimme op reis gean, meie jim fansels hielendal sels witte. Wichtich is yn elk gefal dat der wille makke wurdt en dat bern mei nocht mei Frysk praten, harkje, lêzen en wa wit ek skriuwen oan de slach gean.

**Doelgroep: groep 7,8.**

### Doelen:

- De bern entûsjast meitsje en motivearje om de tekst fan OZ mei elkoar te lêzen.
- De bern lêze in Fryske toanieltekst en prebearje hjirby har yn it libjen yn de rolfiguer.

## Oan de slach mei OZ

### Stap 1

Fertel de bern dat se oan de slach gean mei toaniellêzen en dat se hjirby yn de rol krûpe fan personaazjes út de tsjoender (tovenaar) fan OZ.

Nim de bern earst mei nei 'The Wonderful Wizard of Oz'.

- Wa hat it boek lêzen of de film sjoen?
- Wa kin de muzyk fan Michael Jackson?

Lit de bern filmkes sjen fan youtube en fertel wat oer de musical (sjoch ynlieding).

De ynlieding kin meielkoar lêzen wurde, mar de learkrêft kin it ek fertelle.

## Stap 2

Earst wurdt de sêne mei de hiele groep lêzen.

Op dizze manier kin der oandacht jûn wurde oan hoe't bern in toanieltekst lêze (tekstbegrip, ynfolling rol, floeiend lêze ensfh).

De klasse wurdt dan ferdielt yn groepkes. De bern lêze mei harren groepke de sêne.

De learkrêft fertelt dat

- it oantal bern per groepke net altyd útkomt mei it oantal rollen
- dêrom guon bern dûbelrollen lêze
- se deselde sêne in pear kear lêze, sadat it hyltyd flotter giet
- se elkoar helpe by drege wurden
- se net by de taffeltsjes hoege te sitten, mar dat se mei har groepke stean meie
- se ek bewegings meitsje meie tidens it lêzen sadat de rol wat spile wurdt.

## Stap 3

De groepkes presintearje harren sêne.



## Ynliding

### It boek

"The Wonderful Wizard of Oz" is in Amearikaansk berneboek út 1900, skreaun troch L. Frank Baum.

It is al mear as hûndert jier lyn skreaun, mar dochs is it noch altyd hiel bekend. Dat komt trochdat it boek yn sa'n soad talen fertaald is en trochdat der films, toanielstikken, musicals fan makke binne.

It ferhaal fan de "Wizard of Oz" giet oer Dorothy, in famke dat der wat út leit op skoalle.

Har ferskriklike libbentsje op skoalle feroaret ynienen troch wol hiel wûnderlike omstannichheden!

Se belânet yn in lân mei heksen en tsjoenders, en oare frjemde wezens: OZ.

Dêr slút se freonskip mei Blikjeman, Fûgelskrik en Leffe Liuw.

Alle fjouwer ha se in doel en der is mar ien persoan dy't harren der by helpe kin:

de tsjoender fan Oz.

### De film

Fan it boek binne ferskillende films makke. Yn 1939 waard der in film makke dy't troch in hiel soad minsken sjoen waard. Ek yn 1978 waard der in film makke dy't in grut súkses waard. Bekende akteurs út dy lêste film wiene Michael Jackson en Diana Ross.

Op youtube kinst stikjes út dizze films sjen, ast sikest op **Wizard of OZ**.

### It toanielstik

Yn dit Fryske stik hyt it famke Dora en sy hat net in hûntsje mar in mûs as húsdier...

Jim lêze aanst sêne 2 út dit stik.

## SÊNE 2 ÚT OZ

**Plak:**

Yn it lân fan OZ

**Rollen:**

**Ferteller**  
**Liuw**

**Dora**  
**Fûgelskrik**

**Astra**  
**Wachter**

**Blikjeman**

**Ferteller:**

Dora is in famke fan 10 jier. Op skoalle wurdt se oegryslík pleage. Op in dei is it wer goed raak. Op it skoalleplein pakke de pestkoppen har agenda ôf. Mar dan begjint it oegryslík te waaien. De wyn komt fan alle kanten. Dora wurdt fuortblaasd troch de wyn en sweeft troch de loft. Mei in plof komt se del, mar wêr is se telâne kommen? Se tilt har holle op en sjocht om har hinne. Dan heart se tromgeroffel en trompetten en sjocht se dat der in frou op in wyt hynder oankomt. DE frou stapt fan it hynder ôf en bûcht foar Dora.

**Astra:**

Wolkom, machtige heks.

**Dora:**

Huh? Heks? Hoesa?

**Astra:**

Do moatst wol in machtige heks wêze. Do hast Grizolde, de haatlíke heks fan it Easten deamakke!

**Dora:**

Ik ha noch noait ien deamakke.

**Astra:**

Do hast dat yslíke kring ferplettere. Dy aaklíke heks Grizolde.

**Dora:**

Ik sjoch gjin ien. Hoe dan?

**Astra:**

Sjoch. Hjir ûnder de fyts lizze noch har sulveren skuon. Dyn fyts hat Grizolde ferplettere.

**Dora:**

Mar wêr is Grizolde dan?

**Astra:**

Dy is ferstoffe....sa âld wie se. Se is opdroege en ferwaaid. Der is no neat mear fan har oer. No ja. Allinne har skuon.

**Dora:**

Dat is moai, mar wa binne jo?

**Astra:**

Ik bin Astra, de Hertlike Heks fan it Suden. Yn dit lân libje fjouwer heksen.....no trije.

Twa goede en twa minne. Do hast ien minne ferslein.

**Dora:**

Ik ha dus in foute heks deamakke. Mar wêr bin ik dan?

**Astra:**

Do bist yn OZ fansels!

**Dora:**

Hoe kom ik hjir wei?! Hoe kom ik wer thús????!!

**Astra:**

Do moatst nei de Grutte Tsjoender ta. Dy wennet yn it sintrum fan OZ yn in hiel grut kastiel. Hy kin dy helpe.

**Dora:**

De Grutte Tsjoender?

**Astra:**

De Grutte Tsjoender. Ja, dat hast goed heard. De Grutte Tsjoender kin tsjoene. Hy kin toverje.

**Dora:**

En hoe kom ik by dy tovenaar? Hoe kin ik him fine?

**Astra:**

Do moatst de dyk mei de giele stiennen sykje. De grutte giele dyk giet nei de Grutte tsjoender. Mar tink goed om de Haatlike Heks Walgina! Ik jou dy wat spesjaals om dy te beskermjen op dyn reis.

**Ferteller:**

Astra jout Dora in tút op de foarholle. Der ûntstiet hjirtroch in teken op har foarholle. Ek jout se Dora de sulveren skuon fan Grizolde en fertelt har dat dy skuon toverkrêft hawwe. ..

Mei dit spesjale teken op de foarholle giet Dora op in paad. Wat rinne de nije skuon lekker.

Mar wat is dat? Dêr komme frjemde figueren oanrinnen. Dora sjocht daliks dat it gjin gewoane minsken binne...

**Blikjeman:**

Hoi famke. Bisto hjir allinne?

**Leffe Liuw:**

Wy binne ek allinne.

**Fûgelskrik:**

Der is neat oan om allinne te wêzen.

**Dora:**

Wa binne jim?

**Blikjeman:**

Ik bin de Blikjeman en alles is by my fan blik.

**Leffe Liuw:**

En ik bin in leffe liuw. Ik bin oeral bang foar.

**Dora:**

Ek foar Toto? Dizze leave lytse skattige mûs?

**Leffe Liuw:**

Hellup!!! In mûs!!!

**Dora:**

Hee, rêstich mar, Liuw. Toto byt net.

**Leffe Liuw:**

Bah, ik bin oeral bang foar. Ik wol sa graach stoer wêze.

**Fûgelskrik**

En ik bin Fûgelskrik en ik wol graach myn ferstân ha. Begrypst?

**Dora:**

In bytsje. Fertel.

**Fûgelskrik:**

Myn striekop is sa leech, dat de fûgels de gek mei my ha. En dat is foar in fûgelskrik om gek fan te wurden!

**Blikjeman:**

Wy wolle allegear graach nei de grutte tsjoender ta.  
Ik wol sa graach in hert hawwe, want dan kin ik ferlyfd wurde.

**Leffe Liuw:**

En ik freegje moed.

**Fûgelskrik:**

En ik ferstân.

**Dora:**

Ik snap it. Dy grutte lieder fan Oz mei wol in supertovenaar wêze. No ja, Toto en ik fine it fet eng allinne yn dit frjemde lân, dus kom mei!

**Ferteller:**

Alle gielstiendiken yn it lân fan Oz liede nei de grutte tsjoender fan Oz, dus folgje Dora, Blikjeman, Fûgelskrik en leffe Liuw de dyk mei de giele stiennen. Underweis sjogge se goed út, want se wolle Walgina net graach tsjin it liif rinnene.

Nei in moai skoft rinnen sjogge se it prachtige kastiel fan de tsjoender. As se tichterby komme, hâldt de wachter by de poarte fan it kastiel harren tsjin.

**Wachter:**

Ho! Stop! Ien momint!  
Ik bin de wachter fan Oz.  
As jim OZ yn wolle  
Moatte jim my earst foarby.  
Wat sil  
dit?

**Dora:**

Wy wolle prate mei de grutte tovenaar fan OZ.

**Wachter:**

Huh? Wat? Wat wolle jim?

**Dora:**

Wy wolle prate mei de grutte tovenaar fan OZ!  
Haw ik wat ferkeards sein?

**Wachter:**

Nee, nee mar it is al jierren lyn dat ien dat frege hat.

**Fûgelskrik:**

Wol der net ien mei OZ prate dan?

**Wachter:**

Oarsom. Hy wol mei net ien prate.  
Wat wolle jim fan de grutte lieder fan OZ?

**Blikjeman:**

In hert!

**Wachter:**

Och hea. No, dy hat OZ yn alle soarten en maten.

**Fûgelskrik:**

Ik soe graach in brein ha wolle. In kop fol ferstân.

**Wachter:**

OZ hat kilo's ferstân lizzen. Wat sis ik? Tonnen!

**Leffe Liuw:**

Ik soe graach wat moed fan him ha wolle.

**Wachter:**

Net ien dy't safolle moed hat as OZ!

**Dora:**

Ik wol graach nei hûs.

**Ferteller:**

En dan sjocht de wachter pas de skuon fan Dora. Hy feroaret hielendal fan toan.  
Hy wurdt hielendal entûsjast en bliid.

**Wachter:**

Do draachst de sulveren skuon! Dat sil OZ prachtich fine! Kom mei jimme. Ik bring jim daliks nei de grutte tsjoender fan OZ!

**Ferteller:**

De wachter docht de poarte fan it kastiel iepen.  
Dora, Blikjeman, Fûgelskrik en Liuw rinne nei binnen en in lakei yn prachtige griene klean komt op harren ôfstappen.  
Hy ropt mei lûde stim.



### **Wachter:**

De oppermachtige en Alderferskriklikste Hearsers fan OZ hat tastien de folgjende gasten te ûntfangen.

Nûmer 1: It famke Dora. Wachtkeamer 1.

Nûmer 2: De fûgelskrik Fûgelskrik. Wachtkeamer 2.

Nûmer 3: De bliken man Blikjeman. Wachtkeamer 3.

Nûmer 4: De liuw Leffe Liuw. Wachtkeamer 4.



## FERWURKING FAN SÊNE 2

### **Opdracht**

**Yn dizze sêne meitsje we kennis mei Dora, Astra, Blikjeman, Fûgelskrik en Leffe Liuw.**

**Skriu harren nammen op en skriuw achter elke nammen mei ien of twa wurden hoe'tsto tinkst dat hy/sy is.**

**Klear? Fergelykje dyn listje mei in oare learling út dyn groep/klas**